



Liet foar Harm

- 1) Lang ferlyn rûnst yn blaukiele,
wurkest op de buorkerij.
Der hast meand en haaid en swile
molksto mei jim heit de kij,
Mar de wyskes yn dyn holle
dûkten hieltyd faker op.
't Ofskie kaam fan ko en bolle.
De muzyk waard dyn berop.
- 2) Hjoed hearst de fertroude klanken
fan in tige tankber koar.
Gâns ha wy oan dy te tankjen.
Lange jierren stiest der foar.
Fjirtich jier hasto ús lieden.
Do en wy: hast net te skieden
Suver mei elkoar fergroeid
't Lemster Koar, wat hat it bloed!
- 3) Sjonge yn in wykliks ritme,
sykjend nei de harmony.
't Wiene jûnen fol betsjutting
yn ús jachtige sirkwy.
Dyn krewearjen dat hat lieden,
mei in kwinkslach en in grap,
ta it bêste koar op ierde.
Noat foar noat en stap foar stap.
- 4) Bêste Harm, wy hien' ús slinger,
want dyn fleur dy naamsto mei.
Net te tellen 't oantal kearen
hien'w'in dirigint oan dy.
Rippetysjes en konserten,
it waard dien mei hert en siel
En't sukses wie rom bemetten.
Gjin gepruts en gjin gepiel.
- 5) Hûndert mûlen, hûndert noazen,
rjochttesto op't selde doel.
Al dy macho's, al dy swetsers
lietsto sjonge mei gefoel.
Sa ûntdutsen wy de skientme
fan de taal en fan it lûd.
En dy twa as kombinaasje,
kaam ús hiel ticht op'e hûd.
- 6) Bêste Harm, wat koesto poche.
En wy foelen dy graach bij!
't Lemster Koar, der wie gjin better!
Sa klonk ús opskepperij.
Wy hien'ommers gouden kielen,
neffens dy as dirigint.
Hûndert klankrike juwielen!
Hie it echt noch better kind?

- 7) Bêste Harm, ús presintaasje
dy fertsjinnet ek in plúm.
Wy yn prachtich Fryske klaaiïng,
do yn hiel sjyk rokkostúm.
De artyst mei lange hierren:
"Nadia, sit it wol goed?"
IJdeltuit mei kaam en spegel.
Mar it wurke tige goed!
- 8) Ek dyn lytse intermezzo's
wiene foar 't publyk in pree.
Serieus of mei wat humor,
wien't de koekjes by de tee.
Ja, ús lieten mei dyn praatsjes,
joegen in spesjale sfear.
En sa smakken ús konserten
hieltyd op'e nij nei mear.
- 9) Tige wiest by ús belutsen.
Fregest nei ús wol en wee,
nei ús swiet en nei ús bitter
op de grutte libbenssee.
Underweis op fiere reizen,
settest yn de bus de toan.
Harken wy nei dyn ferhalen,
pakteto de mikrofoan.
- 10) Oeral lieten wy ús hearre,
mei ús sa wurdearre sang.
Oeral waarden wy traktearre
op ovaasjes withoelang!
Op de wâl en op it wetter,
op it strân, yn't Stoomgemaal.
Yn de Helling en noch better:
Yn de Keulse kathedraal!
- 11) Bêste Harm, dyn sjongersmaten
binne wol wat yn mineur.
Want wy ha't wol yn de gaten:
Aansens misse wy dyn fleur.
Dreech is it fan dy te skieden.
Mei dyn kwaliteit en praat
settesto de Lemster Bokkings
op de muzikale kaart!
- 12) Do meist no de fruchten plôkje
fan dy moaie fjirtich jier.
Wês der wis fan, 't is wurdearre
en dyn rom klinkt withoefier.
Alle leden fan ús sjongkoar
sjonge lûd fortissimo.
Bêste Harm, do meist it wiette:
Ynspirearjend! Dat wiesto!
- 13) Harm, der is in tiid fan kommen
en der is in tiid fan gear.
En wy ha de tiid rom nommen
om der goed by stil te stean.
Datsto ophâldst, is hiel spitich
mar it libben stiet net stil.
Dat betinkt foar ús soms dingen
dy't net stroke my ús wil.
- 14) Harm, wy hiene gouden jierren
en begripe dyn beslút.
Mar it wie wol hiel bysûnder,
Harm, dat moast der efkes út.
Derom songen wy dit lofliet
spesiaal en graach foar dy.
't Is in teken dat it goed siet.
Bêste Harm: Nim dat mar mei.
- 15) Fan in tankber koar as jury
krijst in earste priis mei lof!
Harm, wat ha wy ús fermakke.
Gouden tiden: it wie tof.
En ús Amen Halleluja
knoopje dat mar yn dyn ear.
Friezen sizze dan: "t koe minder!"
Tanke wol Harm van der Meer!



Harm-onie

Dit lied van Hindrik van der Meer werd door het Lemster Mannenkoor gezongen tijdens de afscheidsavond van Harm van der Meer op 16 jan.2016
(wijze: *Der 't de dyk it lân omklammet*)